


'Dankbaarheid als thermometer'



Prot. Gemeente Terpoarte

Snein, 6 novimber 2022

Foargonger: ds. Hinne Wagenaar

Muzyk:

Lektor

Muzyk

Wolkom en meidielings

Iepeningliet:

Oan Jo beheart, O Hear, de ierde (978: 1,4)

Iepening:

Fg. Us helper is de Heare
dy't himel en ierde makke hat

All. **dy't trouhâldt yn ivichheid
en net loslit it wurk fan syn hannen.**

Fg. Ivige, goede God
wij waarmje ús
oan de belofte fan
in goede, in hielmakke skepping.
Wy hâlde it by
inkeld de leafde as ienige wapen,
bliuwe sykjen nei fersoening en frede,
bliuwe langjen nei freonskip.

All. **Wy skinke elkoar hjoed oan jo hoede,
oan elkoars omtinken en soarch.
Amen**

Liet: God fan ús libben, iepenje ús hert (300b)

Ta ynlieding op dizze snein

Kiezen voor dankbaarheid

Dankbaarheid is het beste medicijn tegen het neerdrukkende gevoel dat je ongewenst bent, een 'ongelukje'. Het is belangrijk om na te gaan hoe vaak we de kans hebben om onze dankbaarheid te tonen, maar er geen gebruik van maken. Iemand is vriendelijk tegen je, een spannende situatie loopt goed af, een probleem is opgelost, een relatie wordt hersteld, een wond geneest ... allemaal redenen tot dankbaarheid. Die dankbaarheid kun je uitspreken of op andere wijze tot uitdrukking brengen: door middel van bloemen, een brief, een telefoontje of een zoen. Hoe meer we kiezen voor dankbaarheid, hoe minder moeite het ons kost om redenen tot dankbaarheid te zien, elke dag, overal om ons heen. Zoals liefde liefde voortbrengt, zo brengt dankbaarheid dankbaarheid voort.

Liet: Bless the Lord my soul (103 e)

Evangeelje út Lukas 17, 11-19

Op syn tocht nei Jeruzalem reizge Er troch it grinsgebiet fan Samaria en Galiléa. Doe't Er in doarp yn gong, kamen Him dêr tsien melaatsken temjitte. In ein fan Him ôf bleauwen se stean en rôpen lûd: Jezus, Master, haw meilijen mei ús. Hy seach harren oan en sei: Gean hinne, lit jimsels oan 'e prysters sjen. En ûnderweis waarden se suvere fan har melaatskens.

Doe't ien fan harren seach, dat er wer better wie,
kaam er werom en prize God, dat elkenien it
hearre koe. Hy liet him foar Jezus syn fuotten
foaroer falle en betanke Him. En dat wie in
Samaritaan. Jezus sei doe: Binne der gjin tsien
suvere? Wer binne de njoggen oaren?
Wie der oars net ien te finen, dy't weromkaam
om God te priizjen as allinne dizze frjemde? Doe
sei Er tsjin him: Kom oerein en gean jo wegen. Jo
leauwen hat jo behâld west.

Liet: Bless the Lord my soul (103 e)

Preek: 'Dankbaarheid als thermometer'

Muzyk

Liet: Wat is't libben op ierde in freugde (880)

Gebeden, ôfsletten mei it *ús Heit*

Kollekte

Slotliet: Wy tankje Jo (315: 1, 3)

Seine